

# Ynhâld

|                             |   |
|-----------------------------|---|
| Foaropwurd troch Atze Bosch | 8 |
|-----------------------------|---|

|                  |    |
|------------------|----|
| <b>Koartswyl</b> | 11 |
|------------------|----|

|                         |    |
|-------------------------|----|
| Wytfeard **             | 13 |
| Oade oan 'e geranium ** | 14 |
| Hipperhapkes **         | 15 |
| Opromje! *              | 16 |
| Myn maatsje kwyd *      | 18 |
| Oan fakânsje ta         | 20 |
| Buorman Kees *          | 22 |
| Myn waarman **          | 24 |

|                |    |
|----------------|----|
| <b>Neisten</b> | 27 |
|----------------|----|

|                       |    |
|-----------------------|----|
| Lokkich **            | 29 |
| Feroarje              | 30 |
| Puberjonge            | 31 |
| Wie it net juster *   | 32 |
| Doarp fan doe **      | 34 |
| Bliuwst yn myn hert   | 36 |
| Achter glês           | 37 |
| Werom sjen            | 38 |
| Midlifekribels *      | 39 |
| Do bist myn leafste * | 40 |

|                           |    |
|---------------------------|----|
| <b>Skriuwproses</b>       | 41 |
| Wurden fine               | 43 |
| In liet dat net bestiet * | 44 |
| Kieze *                   | 46 |
| Wjerlûd                   | 48 |
| Sonnettestriid            | 49 |
| Siik                      | 50 |
| Dan wurdt it stil         | 52 |
| Skriuwersbea              | 54 |

|                        |    |
|------------------------|----|
| <b>Ynkear</b>          | 55 |
| Nij begjin **          | 57 |
| Weromkommen *          | 58 |
| It tsjerkje fan pake * | 60 |
| By de see **           | 62 |
| Stil gebed **          | 64 |
| As ik net mear kin     | 65 |
| Minne dei              | 66 |
| Tichterby dysels       | 68 |
| Halleluja **           | 70 |

|                         |    |
|-------------------------|----|
| <b>Jiertiden</b>        | 71 |
| Fakânsjeblues           | 73 |
| Leaver thús             | 74 |
| Langst nei dy tiid *    | 76 |
| Pipernuten yn septimber | 78 |
| Winters yn Fryslân *    | 80 |
| Krystfeest sûnder dy    | 82 |
| Feest fan ljocht        | 84 |
| Ald en nij *            | 85 |
| Ritme fan 'e snie       | 86 |

|                      |         |
|----------------------|---------|
| <b>Fierder</b>       | 89      |
| Myn moaiste fers     | 91      |
| Pikerpaadsjes *      | 92      |
| Dweilskoft...        | 94      |
| Eelkje **            | 96      |
| Drumme               | 98      |
| Us kavia             | 100     |
| Alde Beppe           | 102     |
| De stikkene krúk     | 103     |
| <br><b>Ta beslút</b> | <br>105 |

\* = stiet op cd Wjerlûd (2010)

\*\* = stiet op cd Wytfeard (2011)

## Foaropwurd

Grytsje Kingma-Zantema, dy't as famke gitaarspyljen learde, sels ferskes makke en graach song, hat harsels nei 2002 ûntjaan kinnen mei har muzikaal talint, har kreativiteit en har sjongstim.

It is hjir net it plak om op te neamen wat se sûnt dy tiid alles mei-inoar op dit mêd dien hat, mar it hie altyd mei sjongen te krijen. En altyd wie der wol in ferburgen langst om eigen kreativiteit in kâns te jaan: net langer allinne lietteksten fan oare komôf sjonge, mar eigenmakke teksten. Net langer besteande muzyk sjonge, mar eigenmakke meldijen.

Yn novimber 2008 waard de dream omset yn aktiviteit: Grytsje folge in kursus yn it skriuwen fan lietteksten by Tresoar. Dat is it begjin fan in tiidrek fan tûzen dagen, in perioade dy't ôfsletten waard yn augustus 2011, doe't it idee foar dizze bondel, dat se al langer by har hie, realisearre is.

Nei it mei grut sukses folgjen fan de kursus hie se al hiel wat lietteksten makke, mar se socht eins om wjerlûd op har wurk.

Yn maaie 2009 hawwe Grytsje en ik elkoar foar it earst moete (de oanlieding wie in oersetting fan my, dy't sy sjonge soe), en wy hiene net folle tiid nedich om fêst te stellen dat wy beide mear as sljochtwei ynteresse hiene foar lietteksten. Sa ûntstie in kontakt tusken ús, dat liede ta it útwikseljen fan teksten mei de bedoeling dêr wjerlûd op te jaan. Op wurk fan my likegoed as op wurk fan Grytsje. Wy waarden yn in koart skoftke tiid: Maatsjes op it Fersepaad.

Fan dy tiid ôf naam Grytsje har kreatyf dwaande wêzen in grutte flecht. In soad opkommende ideeën waarden omset yn lietteksten, foar it grutste part mei eigenmakke meldijen. Har optreden mei it "eigen" programma foel der rûnom goed yn, se waard hieltyd faker frege. Dat joech har it fertrouwen om yn eigen behear in cd út te bringen, de cd Wjerlûd, dy't in goed ûnthaal fûn. Wilens is no in twadde cd op priemmen set, mei as titel Wytfeard.

De bondel Tûzen dagen jout net allinne de eigen teksten fan de beide cd's, mar ek teksten, dy't plak fûn hawwe op twa oare cd's, yn ferskate tydskriften, of yn de boekjes fan FeRsefariaasje; dat alles oanfolle mei teksten dy't noch net earder publisearre binne.

Ik jou hjir net in soarte fan resinsje oer de ynhâld fan dizze samling fan earnest en koartswyl, dêrfoar bin ik tefolle belutsen by it ûntstean fan Tûzen dagen.

Dizze foarm fan lietteksten beskikber stelle foar in breed publyk, sûnder muzyknootasje, ferplichtet de lêzer om him inkeld en allinne op de tekst te konsintrearjen. En as de teksten mar sterk genôch binne, nimme se de lêzer wol yn beslach. Ik haw der alle fertrouwen yn dat dizze bondel syn wei wol fine sil, en ik winskje alle lêzers nocht en wille ta by it genietsjen fan Grytsje Kingma har pinnefruchten.

Atze Bosch

augustus 2011